
SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

- Fan : *Tsjerk Bouwhuis - FNP*
- Datum fan yntsjinjen :
- Oan (*kar*) : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
- Underwerp : Oantaasting leefomjouwing Hiddem-Houw
- Wize fan beântwurding : Skriftlik (binnen 30 dagen)
- Datum tuskentiids antwurd :
(*as it fan tapassing is*)
- Datum beântwurding :

Taljochting:

Wynpark Nij Hiddum-Houw hat in grutte romtlke impact op ús gemeente en hielendal op de direkte omjouwing. De omjouwing krijt te meitsjen mei 9 ûnbidige wynmûnen fan 188 meter heech, dat is in grutte oantaasting fan de leefomjouwing.

Earder dit jier is de Provinsje mei mear romte kommen yn it belied foar de pleatsing fan lytse 15 meter hege wynmûnen en op dit stuit wurdt der yn Súdwest-Fryslân ek oan gemeentlik belied wurke.

By in byienkomste yn Koarnwert op tongersdei 22 oktober 2020 hat deputearre Poepjes mei bewenners praten. Sy jouwe oan soargen te hawwen dat njonken de grutte wynmûnen no ek noch lytse wynmûnen komme kinne.

De FNP-fraksje dielt de soargen en kin him goed fine yn de winsk fan de omwenjenden fan wynpark Nij Hiddum-Houw.

Ynwenners Koarnwert: "Het dorp zal moeten leven met de 188 meter hoge turbines van windpark Nij Hiddum-Houw, maar zorg dan in ieder geval dat er geen kleine boerenmolens bijkomen".

Boarne Link: [Friesch Dagblad](#)

It kolleezje * wurdt fersocht de folgjende fraach* te beantwurdzjen

1.	Wol it kolleezje by it meitsjen fan gemeentlik belied oangeande de pleatsing fan lytse mûnen rekken hâlden mei de winsk fan de ynwenners rûnom wynpark Nij Hiddem-Houw? En yn oerlis te sjen nei in mooglikheid om yn in striel fan 2 km rûnom it wynpark de pleatsing fan lytse mûnen net ta te stean.
	Antwurd: It gemeentlik belied foar it pleatsen fan lytse wynturbines sil fêstlein wurde yn in bestimmingsplan yn kombinaasje mei beliedsregels. Om't it hjir giet om in ûntwikkelbestimmingsplan is de ôfspraak dat de ried earst in startdokumint fêststelt. Dêr steane rânebetingsten yn dêr't rekken mei holden wurde moat by it opstellen fan it bestimmingsplan. It útstel is ûndertusken oanbean oan it presidium.* Yn it útstel jouwe wy ûnder oaren omtinken oan it útsluten fan gebieten.

* It útstel giet mei yn de kommisjesyklus fan jannewaris 2021.